

FNP
t.a.f. mefrou A. Toering

Ljouwert, 9 septimber 2014
Ferstjoerd, **10 SEP. 2014**

Ús merkteken : 01157204
Ôfdieling : Programma leeuwarden – fryslân 2018
Opsteld troch : n.hoepman / 058 – 2925 603 / n.hoepman@fryslan.nl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer KH18

Achte mefrou Toering,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 26 augustus 2014 beäntwurdzje wy as folget.

Fraach 1:

Kin it 'subsydzjeloket' lykas plend per 1 septimber los om projektoanfragen foar KH2018 te beoardieljen? Sa net, wêrom net; wat is dan de stân fan saken?

Antwurd fraach 1:

STIPE2018 (it subsydzje-, meetings en ynformaasjepunt Europa 2018), sa as it 'subsidieloket' fan namme krijt, giet op 22 septimber los. Hjir is it saneamde publykssintum fanút de Stifting KH18 daliks yn opnommen. Fanôf 22 septimber giet STIPE2018 digitaal en fysyk iepen (tillefoanysk berikber en fia de website). STIPE2018 is te besykjen yn de Blokhuispoort. STIPE2018 is dan noch net formeel iepen, mar fragen om ynformaasje en fersiken lykas begelieding fan oanfragers op wei nei Europeeske subsydzjes wurde al oppakt troch de hjoeddeiske kanalen fan de Stifting.

Fraach 2:

Is der al folsleine dúdlikens oer de finansiering troch KH2018 sels, sadat (eksterne) fûnsewinners en organisaasjes oan it wurk kinne? Sa net, wêrom net; graach de aktuele stân fan saken.

Antwurd fraach 2:

Nee, 2014 is in oergongsjier. Under lieding fan de kertiermakker is de Stifting útein set mei de tariesings foar de útfiering fan it winnende Bidbook. It meast wichtich oant ta yn 2014 wie it ynrjochtsjen fan de organisaasje dy't de doelstellings út it Bidbook realisearje moat. Op 1 septimber is de CEO begûn. Hjirmei is in wichtich momint yn de opbou fan de nije organisaasje oanbrutsen. Der binne yntusken saaklik en kreatyf liiders oansteld, dy't de plannen út it Bidbook saaklik, kreatyf en finansjeel fierders útwurkje. Op grûn fan dizze plannen sil de finansiering per projekt fêstlein wurde.

Yn it troch de provinsje en de gemeente opsteld programmaplan 'Samenwerken aan de agenda Leeuwarden – provincie Fryslân 2013 – 2025 en KH18' is opnommen dat wy 2 kear yn't jier ferslach útbringe oan de Steaten en oan de Ried fan Ljouwert oer de fuortgong fan KH18 en oer de gearwurkingsagenda.

Fraach 3:

It giet hjir om de Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018. Wat binne op dit stuit de konkrete resultaten oangeande projekten foar kulturele gearwurking oer de grins hinne mei oare lannen, stêden of regio's yn Europa?

Antwurd fraach 3:

De Stifting KH18, de gemeente Ljouwert en de provinsje ynvestearje yn dizze fase yn it op- en útbouwen fan kontakten yn Europa. By it op- en útbouwen fan kontakten wurdt fierder gien as allinnich it sykjen nei kulturele gearwurking. Wy beskôgje kultuer, yn de brede sin fan it wurd, as katalisator foar feroaring op sosjaal, ekonomysk en ekologysk mêd. It ûnderhâlden fan in goed netwurk is in needsaaklik betingst om úteinlik op projektnivo mei mekoar risseltaten te beheljen.

De Stifting is aktyf yn it netwurk fan eardere en takomstige Europeeske Kulturele Haadstêden, de saneamde 'ÉCoC-famylje'. Eardere kulturele haadstêden as Liverpool, Lille en Essen binne foar KH18 ynspirearjende foarbylden, benammen út it eachpunt fan it borgen fan sosjaal-ekonomyske effekten op de lange termyn.

Ek wurdt op projektnivo wurke oan útwikselings mei hjoeddeiske en takomstige kulturele haadstêden, lykas Umea, Mons, San Sebastian, Aarhus en Valetta.

Fraach 4:

4. Wat binne yn itselde ramt de konkrete resultaten mei de kulturele gearwurking mei de oare Fryslannen yn Europa?

Antwurd fraach 4:

Dit neijier sil it Ynterreg programma Nederlân-Dútslân útein sette. Hjirmei jout Europa Noard-Nederlân de kâns om harren (ynternasjonale) ekonomyske posysje te fersterkjen troch merken, netwurken en potinsjes neier te ferbinen met Noardwest-Dútslân. Yn relaasje ta Kulturele Haadstêd hawwe wy yntusken goede kontakten lein mei Nord- en Ost-Friesland en earste gearwurkingsôfspraken makke.

Hjoed de dei, mar ek yn it ferline, is der in goede gearwurking mei partners út Nord- en Ost-Friesland. Foar it ûntwikkeljen fan toerisme yn it noardlik grinsgebiet wie dit yn gearwurking mei it Ynterreg A-projekt Netwerk Toekomst. Yn it ramt fan Ynterreg B North Sea, wie der gearwurking yn it projekt Cradle to Cradle Islands en wurdt no gearwurke yn it projekt Development to Dissamination (D2D). Yn it ramt fan KH18 wurdt tocht oan in gearwurkingsferbân lâns de Waadsee tusken Nederlân – Dútslân en Dútslân – Denemarken. Om't de Ynterregprogramma's A en B noch net ree binne, kin noch net oanjûn wurde wannear't dit projekt útein sette kin.


Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

i.a.



J.A. Jorritsma, foarsitter



drs. A.J. van den Berg, siktaris